


Corona en ONT trije

Ieniens op 12 Maart wie der in bericht
Net mear trene of spylje , Douwekamp gong ticht
De mannen fan broeder Terpeloni koenen efkes net mear moai
fourt
Dat wie in klap, dat gong nogal bot



Corona wie foar de mannen allinnich bekend as in alkoholyske
fersnapering
Mar no blike it ek noch ien of oar virus ding
Dat wie dochs allinnich mar in probleem yn Sjina
Dat foel wol wat mei yn Europa

Mar nee, de sport gie op slot
Dat wie foar ONT trije nogal rot
De measte monnen seachen us nei beneden
En tochten, och heden
No sjoch ik myn lytse man noch wol in bytsje bongeljen
Mar in pear moanne net sporte, dan kin ik him allinnich noch mar mei in spegeltsje sjen

De discipelen fan broeder Terpeloni begrepen it net
We kinne toch wel trene, want op oarel meter dekke redde we lang net
Mar de mannen moasten sich yn it lot skikke
Dat wie wol efen skrikke

In pear wiken net mear broezje en op de goal roeie
Kin de tun fan Aukje van der Kooy ek wer in bytsje bygroeie
Al dy ballen dy't se oer it hek meane
En de mannen dy't dan wer oer de sleat achter de goal fleane

In pear wiken gjin passnames van Pogbauke te bewonderjen gewoan
En de lange bal fan oarfierder Jaap komt ek in pear wiken net oan
No wie dat normaal ek al sa
Dus dy feroaring falt wat ta

Gjin hapkes op tongersdije jonne, allinnich mar thus
Frits, de earste kear wer training bist fan us
Us Freddy begong krekt wer wat by it spul te kommen
Mar Corona hat ek him syn wikelykse beweging ofnommen
No moat we it ek wer net te gek meitsje
Want no kin der ek net blesseart reitsje

Mar elk neidiel hat ek syn foardiel ha'k wolris heard
Thimo kin no sunder skuldgefoel elke freedte joun let op bed
Gjin houten kop yn't fjild
Dat skilt

Genoch punten kinnen we no skoare by de spilersfroulju, dat is wis
Mar ik wit net at al dy froulju derop sitte te wachtsjen sis
Der is wol in grut probleem mei dy Corona troep
Wietze is hast 50, dy sit yn de risico groep
Mar dy is noch sa fit as in huntsje
Dy oerleeft efentueel wol in Corona runtsje

Haaye Stuc hat wot problemen mei de oarel meter ofstan, hope net dat it lang duorre
Want hoe kriget er it stucsel fanof 150 sentimeter op de muorre?
En dan it seizoen, we wienen al feilich doe't in noch begjinnen moast
Mar al 7 wedstriden ongeslagen, it kampioenskip drige hast
Ja, it is dat de kompetysje stoppe is
Oars hienen we kampioen wurden, dat is wis!

Mar goed, no efkes serieus
Want der binne belangrikere saken dan fuotbal, heus
It tredde fan ONT komt fansels wer yn't spier
Dan gean we wer moai fuort elke saterje, echt wier
We hoopje dat iederien gesun en fit dizze perioade trochkomme sil, we ha al in hiel ein helle
En at alles dan wer frij joen wurd, slute we of mei in teamfeest op de boat fan de heit fan Jelle!

Wesley